

## Jierferslach Fryslân Fûns 2023

### **Ynlieding**

Oan de iene kant hat it Fryslân Fûns yn 2023 in oantal moaie projekten stypje kind. Jo fine der mear ynformaasje oer yn dit jierferslach. Oan de oare kant bliuwe ús ynkomsten efter by wat wy hoopje en ferwachtsje. It docht bliken dat de Friezen net samar ris in bedrach oermeitsje nei ús Fûns. Fansels hat dat te krijen mei ús bekendheid. Wy sille dêrom yn 2024 neitinke om ek oan te bieden dat minsken donateur wurde kinne. Wy freegje dan in bydrage it jier. Kwa promoasje ienfâldiger en as immen donateur wurdt, betsjut dat foar ús in mear regelmjittich ynkommen.

### **Stipe-oanfragen**

Nettsjinsteande dat ús finansjele posysje it net talit grutte bedragen ta te sizzen, koene wy dochs in tal projekten stypje yn 2023:

#### ***Iepenloftspul Spannum 'Wat bisto leaflik?'***

"Wat bisto leaflik!?" is in iepenloftspul dêr't Waling Dijkstra, de Fryske skriuwer en foardrachtkeunstner, in sintrale rol yn spilet. Yn it stik komt ek syn libben as bakker yn Spannum oan bod. Dizze strider foar de Fryske taal lei de basis fan de Fryske toanielkultuer en hie in grutte ynfloed op it taal- en muzyklibben fan de gewoane man. Waling Dijkstra skreau romans, ferhalen, gedichten, rymkes, lieten en toanielstikken. Hy skreau ek it earste Fryske wurdboek. As universele keunstner brocht er yn syn ferneamde 'winterjûnentocht' ferdivedaasje en ûntwikkeling oan tûzenen Friezen. Yn kafees en herbergen brocht er kultuer, yn in wrâld dy't doe net folle grutter wie as syn eigen doarp. Reden genôch om him twahûndert jier letter te earjen mei in eigen Frysk iepenloftspul.

#### ***De Brand, in boek oer keatser Johannes Brandsma, fan Edwin Jorna***

Edwin Jorna: "Ik skriuw in Frysktalich boek oer de op 31 maart fan 2023 ferstoarne âld-keatser Johannes Brandsma. Dat kin ik dwaan omdat wy yn novimber 2021 al útein setten wiene mei de earste gesprekken en hiel syn libben al by delrûn wiene doe't hy yn febrewaris te hearren krige dat er siik wie en net wer better koe. De reis dy't Johannes en ik yn novimber 2021 begûnen en dy't ús in prachtige tiid besoarge hat, meitsje ik no dus allinnich ôf. Nei in tiid fan alle

dagen kontakt is dat in flinke tebeksetter, mar ik jou fansels net op. Foar alle keatsleafhawwers yn Fryslân, foar syn bern, foar syn beide broers en fansels foar Johannes sels wol ik it bêste boek skriuwe dat der oer him skreaun wurde kin.”

### ***De musical Master Gysbert IV, troch Frysk en Tëater, Boalsert***

Fan Frysk en Tëater: "Yn de musical foar skoalbern sil oandacht wêze oer wa't Gysbert Japicx wie en wat hy betsjutten hat foar de Fryske taal. De musical is meartalich mei it Frysk as basis. Neist de taal en Gysbert Japicx sil Musical Master Gysbert IV heakke wurde oan in aktueel tema. De musical sil op in humoristyske wize útfierd wurde. Doel is om bern en folwoeksenen op in bysûndere wize yn de kunde komme te litten mei Gysbert en de Fryske taal."

### ***Undersyk nei mooglikheden juridyske stappen oangeande it brûken fan Fryske plaknammen yn de gemeente Waadhoeke.***

Fan de Topografyske wurkgroep Waadhoeke: "Troch de weryndieling fan it eardere Frjentsjerteradiel, It Bilt, Menameradiel en in part fan Littenseradiel ta gemeente Waadhoeke wurde ynwenners fan 'e stêd Frjentsjer beneidiele yn it brûken fan harren rjochten oangeande de Fryske taal. Wylst de ynwenners fan de eardere gemeenten Menameradiel en Littenseradiel wol yn gemeente Waadhoeke offisjeel de Frysktalige plaknammen binnen de Nederlânsktalige kontekst brûke meie, kin de ynwenners fan Frjentsjer dat net."

## **PR**

De posteraksje nei biblioteken út 2022 is trochrûn yn 2023. De poster is noch ophongen yn tal fan biblioteken yn Fryslân, bygelyks alle biblioteken yn SWF.

Wy bliuwe besykjen fergees reklame te krijen fia artikels yn de regionale blêden.

Wy binne dwaande jûnen op te setten, mei bygelyks in ferneamde sprekker en/as in aktueel ûnderwerp. Besikers keapje in kaartsje en de opbringst giet nei it Fryslân Fûns.

## **Folgers Fryslân Fûns**

It oantal minsken dat op de hiichte bliuwe wol fan de aktiviteiten fan it Fryslân Fûns nimt noch hieltyd ta. Wy besykje ús folgers regelmjittich te ynformearjen oer it wol en wee fan it Fryslân Fûns. Bygelyks mei dit jierferslach en de jierrekken.

## **Crowdfund-aksje**

De crowdfund-aksje 'Nije tiden, oare kneppels' is op 1 jannewaris 2023 ôfsletten. De aksje hat fertuten dien en wy sjogge dat in spesifyk doel minsken der flot ta bringt te stypjen, as se har fine kinne yn it doel fan de aksje. Wy sjogge it as in addisjonele wize fan jild sammeljen en sille it seker wer brûke.

## **Finânsjes**

Wy hawwe it ôfrûne jier mear stipe tasein as dat der donaasjes binnen kaam binne. It bestjut in negatyf resultaat op ús eksploitaasje oer 2023.

Sjoch it taheakke oersjoch Exploitaasje 2023 Fryslân Fûns foar mear spesifike ynformaasje.

## **Komitee fan Oanrekommadaasje**

Wy hawwe neitocht oer it ta stân bringen fan in komitee fan oanrekommadaasje. Sa'n komitee bestiet út in tal ferneamde Friezen út in ferskaat oan maatskiplike gebieden. Mei de kânsen dy't soks jout op publisitêr mêd kinne wy it Fryslân Fûns mear bekendheid jaan mei fansels as doel it ynkommen oan stipe fan it Fûns te fergrutsjen.

Wy hawwe in ferskaat oan nammen yn gedachte. It freget in soarchfuldige oanpak om minsken te freegjen foar sa'n komitee. Wy hawwe oerlein hokker taken en ferwachtingen wy foarlizze kinne oan gadingmakers.

## **Doarpswurk**

Wy hawwe kontakt lein mei Doarpswurk om yn 'e kunde te kommen. Nei ús idee rjochtet dizze organisaasje him ek op ús doelgroep: Friezen mei in waarm hert foar de Fryske taal en kultuer. Soks kin liede ta moaie gearwurking yn 2024 en fierder.

## **Webside**

Us webside hat yn 2023 in skoftke út 'e loft wêst. Mei saakkundigen koene wy de webside flot wer online bringe. Wy oerlizze mei deselde saakkundigen hoe't wy te foaren komme kinne dat soks wer bart yn de takomst.

De webside sil yn de takomst hieltyd mear ferslach dwaan fan it krewearjen fan de organisatoaren fan de projekten dy't wy stypje. Op dy wize wolle wy sjen litte hoe wichtich it wurk is fan it Fryslân Fûns is.

## **Bestjoersgearkomsten**

Wy hawwe yn 2023 as bestjoer 6 gearkomsten hân.

Reguliere gearkomsten wiene op 20 jannewaris, 24 maart, 26 maaie, 1 septimber, 27 oktober en 15 desimber.

## Bestjoersleden 2023

Op 1 septimber hawwe wy formeel ôfskied nommen fan ús bestjoerslid fan it begjin ôf, Geeske Krol-Benedictus. As foarsitter spriek Bil wurden fan grutte tank út en memorearre it begjin fan it Fryslân Fûns wêrby Geeske in tige wichtige rol spile en ien fan de inisjatyfnimmers wie foar it Fûns. Sûnder har krewearjen wie it Fûns net fan de grûn kaam.

Wy hawwe yn ús netwurk de fraach dellein ris suggestjes te jaan foar nije bestjoersleden, yn it bysûnder in nije foarsitter. Soks hat laat ta in listje fan gadingmakers foar bestjoersleden. Wy binne bliid dat yn desimber dhr. G. Benedictus tasein hat yn 2024 foarsitter wurde te wollen fan ús Stifting.

It bestjoer yn 2023:

Reinder Bil, foarsitter

Hans Kort, skriuwer

Arjen Dijkstra, ponghâlder

Jehannes Elzinga, lid

Geeske Krol-Benedictus, lid (oant ein augustus 2023)

Boalsert, 7 maaie 2024

Gearart Benedictus

Foarsitter

Hans Kort

Skriuwer